

Deuteronomium 14,03 ûnrein

Bruorren en susters, gasten,

Jonges en fammen, witte jimme wat in fegetariër is? Dat is in net-fleis-iter: immen dy't gjin fleis yt. Tink jimme ris yn in fegetariër... Jimme sille ite mei freonen yn in Sjineesk restaurant. Hja bestelle allegearre smaaklik iten mei lekker fleis. Mar do dochst net mei. Do nimst allinnich iten sûnder fleis... Of, in oare sitewaasje: do silst ite by freonen thús. Se ite strûpmoes. En do seist: ik hoech gjin woarst...

Ik wol mei dit foarbyld hjir hinne: as immen fegetariër is, dan fernimme oare minsken dat hieltiten. Der is gjin dei, of men wurdt der mei konfrontearre. De measte minsken om ús hinne ite ommers al fleis. Boppedat: yn in soad iten sit fleis. Asto út te iten giest of asto minsken te iten krijst, dan moatsto neitinke watsto dochst. Asto wier net-fleis-iter bist, dan ytsto sels gjin fleis, en faaks setsto it oare minsken ek net foar. Do tinkst oars oer fleis iten as in protte oare minsken. Dat oars *tinken* is te sjen yn watsto *dochst*.

Yn de preek giet it oer krekt soks. It giet oer oars tinke, oars dwaan en oars wêze. Dat hat te krijen mei it hearren by God.

Net eltsenien is fegetariër. Mar God freget al oan minsken dat hja oars libje. Oars as se út harsels wolle. Sa oars, dat harren libben past by God. Dat it hillich is. Dat wol God ek mei jo! Hy wol jo God en Heit wêze. Hy wol jo oars meitsje, sa dat jo wer lykje op Him. Dat is neffens God wiere frijheid.

It **tema** fan de preek is: WES HILLICH, WANT DE HEARE, JIMME GOD, IS HILLICH!

God hat syn folk yn de tiid fan it âlde testamint ferteld dat hja sommige bisten al ite mochten en oare net. De saneamde reine dieren al, en de ûnreine dieren net. Mar yn de tiid fan it nije testamint hat Jezus alle iten foar suver ferklearre. Foar ús jildt dat ûnderskied tusken reine en ûnreine dieren net mear.

Wêrom dan dochs in preek oer dit tema? Dat is omdat God ús de hiele bibel jûn hat. Wy kenne leare fan de hiele bibel, ek fan foarskriften dy't foar ús hjoed net mear jilde.

Reine en ûnreine dieren. Wy sjogge earst nei it âlde testamint.

Wy hearre fan gâns bisten yn Deuteronomium haadstik 14. Bisten op it lân, yn it wetter, oan 'e loft. Ut al dy biotopen mei Gods folk sommige bisten al ite, oare net. Faak is der frege hoe't it komt dat Gods folk bepaalde bisten al ite mocht en oare net. Op dy fraach binne ferskate antwurden jûn. Ik neam in pear en sis der fuortendaliks wat oer.

1) Sommige bisten mocht men net ite om hygiënyske of medyske redenen. Se binne nammentlik net goed foar ús sûnens. – Mar de fraach is wêrom Jezus dan *alle* dieren foar suver ferklearret.

2) Dat men ferskate bisten net ite mocht, dat is omdat krekt dy bisten by de folken om Israel hinne brûkt waarden yn de heidenske earetsjinst. Bygelyks as offer oan de ôfgoaden. – Dy

útlis kloppet net. Om in foarbyld te neamen: de bolle wurdt as offer brûkt by de heidenen, mar mocht yn Israel al iten wurde.

3) Dan is der noch in symboalyske útlis: spjalte kleien wiist op it ûnderskied tusken goed en kwea. It wjerkôgjen wiist op it hieltyd wer oertinken fan de bibel. – Mar dy útlis freget in protte fantasy.

De ferklearringen dy't ik niiskrekt neamd haw foldogge net. Wat is dan al in ferklearring?

Gods opdracht om ûnderskied te meitsjen tusken reine en ûnreine dieren steane yn in grutter ferbân. Yn dat ferbân giet it oer **hielens, hillichheid en yntegerens**. Yn Leviticus 11 wurdt ek sprutsen fan reine en ûnreine dieren, en dêr giet it yn it ferbân ek oer hielens en út it hiele hout, út ien stik wêze.

Dêrnjonken moatte wy net ferjitte dat God de God fan it **libben** is. De boarne fan libben. Hielens, hillichheid en yntegerens, de libbene God: sa is God de Hear!!

En no wurket it sa: de Heare hat syn folk útkeazen út oare folken, en it apart set om by Him te hearren, yn folsleine leafde, en om, as yn in spegel, God sjen te litten oan inoar en oan de minsken om harren hinne.

Mar dan past by Gods folk gjin ûnreinens. Unrein wêze, dat wiist yn de bibel op gaos en dea, en al wat ús bringt nei de dea ta. Mar Israel moat rein libje om de libbene en hillige God sjen te litten!

De fraach wêrom dan ferskate bisten ûnrein wienen, kin te krijen hawwe mei it fyt dat se ferbûn wienen oan gaos en dea en wat bringt nei de dea ta. Tink mar oan de rôffûgels dy't neamd wurde. Ik haw earne ek lêzen dat spjalte kleien oanjouwe dat bisten gjin proai beethâlde kinne en dus gjin fleis ite en faaks dêrom sels al iten wurden mochten, en sadwaande de oare net.

Mear kin ik net sizze oer de fraach wêrom't krekt dy bisten yn Deuteronomium 14 ûnrein hjitte. Mar oan de oare kant: de kearn is al dúdlik: Gods folk is troch de Heare apart set om syn hielens, hillichheid en yntegerens sjen te litten. En dat oars wêze, dat wurde sichtber yn *it hiele libben* fan de Israeliten. Oant wat ja ieten ta! Alle dagen merkbieten se it: dit ite wy al en dat net!

Oars wêze. Dat koe men ek sjen. Gods folk iet dy bisten net, oare folken al. Dat oars wêzen wie gjin doel yn himsels. Mar it wie om God de eare te jaan én it wie om in foarbyld te wêzen foar de oare folken.

Yn it âlde testamint binne dy twa 'oars wêze' en 'foarbyld wêze' fan grut belang. Se sprekke inoar net tsjin. Israel wie net oars om in hekel te hawwen oan de minsken fan oare folken. Mar se wienen oars om oan de oare folken God sjen te litten. God woe dat dy oare minsken Him kennen leare soenen. God de Hear, dy't oars is as de ôfgoaden.

Wy geane nei it **nije testamint**.

Yn it nije testamint is wat feroare. De Hear Jezus is kaam en Hy hat alle iten foar suver ferklearre. Markus fertelt oer in striidpetear tusken de Joadske liederen en Jezus. Se binne lulk

dat Jezus' learlingen bôle ite sûnder dat se harren hannen wosken hawwe. Jezus seit dan: "Al wat fan bûten ôf ta de minske ynkomt, lykas iten, kin him net ûnsuver meitsje, omdat it net yn syn hert komt... Mar wat út 'e minske komt, dat makket him ûnsuver: huorkerij, stelderij, moard, troubrek, kwealaster, ensafuorhinne."

Markus seit dan: "Sa ferklearre Jezus alle iten foar suver." Blykber siet dat ûnrein wurden net yn it iten sels, mar yn it *net om sizzen jaan wolle as it giet om Gods geboaden!*

As dan Gods Soan Jezus ús leart dat it iten ús net ûnrein makket, dan is alle iten rein. Kristus' tsjerke hjoed mei al bargefleis en iel ite bygelyks. En tagelyks: dat oare bliuwt al stean, ek foar ús: Kristus freget ús dat wy ús hâlde oan syn geboaden. Dêr kom ik aanst op werom.

Earst fertel ik noch fan Petrus yn Joppe. Petrus is yn Joppe. Hy is boppe op it platdak om te bidden. Dan krijt er honger. Der wurdt wat iten foar him klearmakke. Ynienen krijt Petrus in fizioen. Trijeris itselde fizioen. Dêr hawwe jimme grif wol fan heard jonges en fammen. Petrus sjocht wat as in grut wyt lekken út 'e himel wei kommen. Dêr sieten allerhanne dieren yn. Doe sei in stim tsjin him: "Kom, Petrus, slachtsje en yt mar." Mar Petrus sei: "Ut-noch-yn net Hear, want ik haw noch nea wat iten dat ûnhillich of ûnrein wie." Sa fêst siet Petrus oan dy saneamde itenswetten. Mar God seit tsjin him: "Wat God rein ferklearre hat, meisto net ûnhillich neame."

Fuort dernei stienen der twa mannen by Petrus dy't him seinen, dat de Romein Cornelius harren stjoerd hie om Petrus te freegjen by him thús te kommen en Gods boadskip te fertellen. Petrus docht sa't him frege is. Wat Petrus docht is nij foar in Joad. Joaden ieten net by net-Joaden. Dat hie te krijen mei Gods befele oer reine en ûnreine dieren. Dochs giet Petrus it hûs yn fan de net-Joad Cornelius. Hy seit: "God hat my sjen litten dat ik nimmen ûnhillich of ûnrein neame mei."

As wy dat oertinke, dan sjogge wy dat der mear feroare is tusken âlde en nije testamint as it net mear jildich wêzen fan de itensgeboaden. Reine en ûnreine dieren, dat hat te krijen mei **Joaden en heidenen**. De kleau tusken Joad en heiden is ek weinaam!! En dat troch de Persoan fan Jezus Kristus. Hy hat dy twa partijen ien makke en de muorre delhelle. Yn de gemeente fan Kristus steane Joad en heiden dy't yn Jezus Kristus leauwe njonken inoar.

Oant safier wat feroare is tusken âlde en nije testamint.

Wat yn it nije testamint net feroare is, dat is dat God de hillige God is. De God fan it libben. By Him heart hielens, hilligens en yntegerens.

Boppedat: de minsken dy't God ta it leauwen yn Jezus Kristus bringt, dy binne sels ek hillich foar God. Petrus hallet it boek Deuteronomium oan en seit: "Wês hillich yn al jimme hâlden en dragen, lykas Hy dy't jimme roppen hat, sels ek hillich is." Petrus seit dat God yn de tiid fan it nije testamint ek syn folk ôfsûndere hat út oare folken wei, om by Him te hearren. Om Him oan inoar en de oare minsken sjen te litten. De kearn is gelyk bleaun: God hat syn folk apart set foar Himsels, om syn hielens, hilligens en yntegerens sjen te litten.

Dy ropping yn it nije testamint rekket ek it hiele libben fan de kristen út Joad en heiden.

Petrus seit: "Wês hillich yn al jimme hâlden en dragen." Dat hillich wêzen komt net mear út yn it iten fan in beheind tal dieren. Mar it rekket al oan ús libben fan alle dagen.

Petrus neamt as foarbyld yn haadstik twa: "Fuort mei alle gemienens en bedroch, mei alle huchelderij, oergeunst en rabberij... Wês allegearre ienriedich, fiel mei-inoar mei, hâld fan

inoar as bruorren en susters en wês barmhertich en net grutsk.” Petrus neamt allegearre minne dingen. Dy sitte ús, minsken, yn it bloed. Mar God is oars. Dat wol Hy ek oan ús jaan. Dat wy oars binne. Lykas Gods folk yn it âlde testamint.

Faaks lykje dy dingen net sa konkreet as dat stik fleis op ‘e itenstafel. Mar fersin jo net: it binne dingen dy’t jo libben mei God hannen en fuotten jouwe.

Ek yn it nije testamint is dat oars wêzen gjin doel yn himsels! Somtiden liket it dêr op. Dan wurdt oars wêzen samar brûkt om ús tsjin oaren ôf te setten. Mar yn it âlde testamint moast Gods folk yn it oars wêzen in foarbyld wêze foar de oare folken om harren God sjen te litten. Dat jildt noch krêftiger yn it nije testamint. De Hear Jezus is nei de himel gean. Hy hat syn Geast oan syn learlingen jûn. Hy hat syn learlingen útstjoerd de hiele wrâld oer. Om te getugen fan Him. **Petrus** seit it sa: “Jimme binne in útsocht skaai... om de grutte dieden te ferkundigjen fan Him dy’t jimme út it tsjuster yn syn wûnderbaarlik ljocht roppen hat.” Oars wêzen: dat is om tsjûgen te wurden fan Kristus en God!!

It nije testamint makket noch in ding dúdlik. As men in ûnreine persoan oanrekke, dan wurde men sels ek ûnrein. Mar yn it nije testamint rekket Jezus melaatske minsken oan, mar dan wurdt Jezus net ûnrein, mar de melaatske wurdt rein!

Yn it âlde testamint wurdt faak wiisd op it ûnreine dat om sa te sizzen besmetlik is. Immen of eat dat ûnrein is, dat makket ek oare minsken of dingen ûnrein. Mar by de Hear Jezus wurket it krekt oarsom. By Him is it hillige om sa te sizzen besmetlik: As Jezus earne komt, dan wurde de minsken wer rein! Dan wurdt wat ûnhillich is ôfbrutsen en dan komt der romte foar hillich libben. Libben dat past by God.

Sa oars wêze, dat kinne wy, minsken, net fan ússels. Allinnich Jezus hat sa libbe. Mar Gods boadskip is dat eltsenien dy’t leaut yn Jezus Kristus oan Him ferbûn is. En dat Jezus mei syn Geast der foar soargje sil dat *syn libben* ek wier wurdt yn it libben fan syn learlingen.

Ik lûk noch wat linen nei Kristus’ gemeente hjoed. Jezus hat alle iten foar rein ferklearre. Dat is oars as foarhinne. Mar de opdracht ‘wês hillich, want Ik bin hillich’ jildt ek foar ús as tsjerke hjoed. De Hear wol dat wy oars binne. En dat wy syn hielens, hilligens en yntegerens sjen litte.

Mar dan moat der al wat feroarje yn hoe’t wy fan ússels binne en dogge. Dan moatte wy oars wurde. Hillich wurde. Op dizze wize bygelyks:

God wol ús jaan dat wy net mear foar ússels libje. **Petrus** seit: tink om wat der út jimme hert en mûle komt. Haw geduld mei inoar. Wês fol leafde nei inoar ta. Wês freonlik. Ferjildt gjin kwea mei kwea of mislediging mei mislediging, nee, krektoarsom, segenje: Want dêr binne jimme ta roppen om in segen, in seine te krijen.

Jezus neamt as foarbylden fan libben dat God jout trou yn it houlik, inoar leafde bewize, tefreden wêze, de namme fan ús neiste heech hâlde. Hillich wêze. Net allinnich yn wat wy dogge, mar ek yn wat wy net dogge.

Mar as wy dêr oer neitinke, wie it foar Gods folk yn it âlde testamint net folle makliker as foar ús hjoed de dei dan? As God tsjin ús sein hie: ‘Dit meisto al ite en dat net’, of: ‘jimme moatte alle dagen trijeris bidde op fêste tiden’, en soksoarte fan geboaden, is dat net helte makliker as dy djippe geboaden oer wat der út ús hert en út ús mûle komt?

Mar dan moatte wy net ferjitte dat it God yn it âlde testamint net allinnich gie om de bûtenkant, mar wier ek om ús hiele hert. Dat is krekt it probleem dêr’t alle profeten yn it âlde testamint ek al tsjin oan rûnen: God seit tsjin syn folk: “Jimme earje My wol mei de mûle, mar net mei jimme hert!”

Hjoed giet it de Hear der noch hieltiten om dat wy God earje mei ús hiele hert. En dat wy fan dêr út dogge wat God, troch Kristus, ús seit. God wol dat wy Him sjen litte yn syn hielens, hilligens en yntegerens. Dêr heart gjin uterlik leauwen by. Ek gjin heal om heal leauwen. Dat makket it libben net makliker foar ús. As wy by in groep hearre, dan wolle wy dêr dochs by hearre? En as wy by in maatskippij hearre, dan hat dy maatskippij dochs ynfloed op ús?

Mar de Hear seit: ‘Wacht efkes: Ik wol ynfloed op dy en jo hawwe. Ik wol dyn libben folje. Mei Kristus en de hillige Geast.’ Mar dan moatte jo en ik alle kearen wer de kar meitsje. Us net oanpasse oan wat men tinkt om ús hinne. Mar ús tawije oan Kristus. Sjoch it goed: as de bibel seit: ‘wês oars, wês hillich’, dan wol God net sizze dat wy ús hâlde en drage as hûndert jier ferlyn. Mar God wol dat wy *hjoed oan de minsken sjen litte wa’t Hy is*.

God de Hear hat himel en ierde makke. Hy hat se goed makke. Mar de minske hat it bedoarn. No liket it hjir net mear op sa’t God it bedoeld hat. Lykje wy net mear op Him. Dochswol God troch minsken hinne Himsels sjen litte. Dat kin allinnich troch Jezus Kristus en de hillige Geast. De fraach is: mei de Hear ek yn jo libben komme, om jo te herskeppen nei syn byld? Yn jo libben fan alle dagen, thús en op ‘e dyk, en oant yn de kantine ta?

Witte jo noch fan dy fegetariër dêr’t ik mei úteinsette yn it begjin fan ‘e preek? Oan guon fegetariërs kin men wier sjen dat se fegetariër binne. Hiertiten stegerje se fleis ôf en geduldich lizze se út wêrom’t se dat dogge. Soenen wy, wat dat oanbelanget, noch fan har leare kinne? Komme wy der foar út dat wy by God hearre? Of wit ús kunde net dat wy yn Kristus leauwe?... Of, as jo noch net jo libben oan Jezus tabetrout hawwe: kin dat trochwurkjen fan Kristus yn jo hiele libben in reden wêze om der mar net oan te begjinnen?...

Dat is de kar dy’t wy meitsje moatte. Mar lear dan ek dit: getuge of tsjûge fan Kristus wêze, yn ús libben fan alle dagen, dat hoege wy net yn ús eigen krêft te dwaan. De Hear wol it ús leare troch syn hillige Geast.

En stean der dan ek by stil wat in wûnder dat is, dat God de Hear minsken as jo en my brûke wol, op alle terreinen fan ús libben, om Himsels oan oare minsken sjen te litten.

Betrou jo ta oan Him, de hillige God. Om syn namme grut te meitsjen op ierde. En elts dy’t him tabetrout oan Kristus en sa oan God, de Heit, de Soan en de Geast, dy sil ienris libje op de nije ierde, dêr’t neat mear wêze sil dat ûnrein is! Amen

Tema:

Wês oars, want de Heare, jimme God, is oars!

Liturgy:

Fotum en groet

Sjonge: Liet 457: 1.2.3.4

Wet:

Gebed

Sjonge: Liet 437: 1.2.3

Lêze: Deuteronomium 14,1-21

Lêze: Markus 7,14-23

Sjonge: Ps.101: 1.2.3.4.5.6

Tekst: Deuteronomium 14,3

Preek

Sjonge: Liet 481: 1.2.3.4

Tankgebed

Ynsammeljen fan 'e jeften

Sjonge: Ps.67: 1.2.3

Seine

Liturgy:

middeis

Fotum en groet

Sjonge: Liet 457: 1.2.3.4

Gebed Liet 328: 1.2.3

Lêze: Deuteronomium 14,3-20

Lêze: Markus 7,14-23

Sjonge: Ps.101: 1.2.3.4.5.6

Tekst: Deuteronomium 14,3

Preek

Sjonge: Liet 481: 1.2.3.4

Belidenis fan it leauwen:

Tankgebed

Ynsammeljen fan 'e jeften

Sjonge: Ps.67: 1.2.3

Seine

Deuteronomium 14,1-21

3 Doe neat ite dat in ôfgriis is. 4 Dit is it fee dat jimme ite meie: kij, skiep, geiten, 5 harten, gazellen, damharten, stienbokken, antilopen, gemzen en berchgeiten. 6 Alle fee dat spjalte kleien hat, en dan folslein yn twaën spjalt, en alle fee dat wjerkôget, dat meie jimme ite. 7 Fan wat wjerkôget of de kleien folslein spjalt hat, meie jim lykwols dizze net ite: de kaniel, de hazze en de klipdas, want hja wjerkôgje wol, mar hawwe gjin spjalte kleien. Hja sille jimme ûnrein wêze. 8 Ek de baarch sil foar jimme ûnrein wêze, want dy hat wol spjalte kleien, mar wjerkôget net; ûnrein is er jimme. Fan sok fleis meie jimme net ite en sok ies net oanreitsje.

9 Fan alles wat yn it wetter is, meie jimme dit ite: Alles wat finnen en skobben hat meie jimme ite. 10 Alles wat lykwols gjin finnen en skobben hat, dat meie jimme net ite. Dat is jimme ûnrein. 11 Alle reine fûgels meie jimme ite. 12 Dizzen lykwols meie jimme net fan ite: de earn, de see-earn, de burdgier, 13 de wou, de falk, alle soarten gieren, 14 alle soarten ravens, 15 de strúsfûgel, de ûle, de seekob, alle soarten sparwers, 16 de stienûle, de ibis, de oehoe, 17 de pilekaan, de iesgier, de ielgoes, 18 de earrebarre, alle soarten reagers, de hûpe en de flearmûs. 19 Ek alle ynsekten dy't wjukken ha binne foar jimme ûnrein: jimme meie dy net ite. 20 Alle reine fûgels meie jimme ite.

Markus 7,14-23

14 Doe rôp Er (Jezus) it folk wer by Him en sei: Harkje allegear ris nei My en begryp it goed: 15 Neat wat fan bûten ôf yn 'e minske komt, kin him ûnsuver meitsje, mar wat fan binnen út 'e minske komt, dat makket him ûnsuver. [16 En Hy sei der noch by: Wa't earen hat om te hearren, lit dy hearre.] 17 Doe't Er by it folk weigien wie en yn 'e hûs kaam, fregen syn learlingen nei de bedoeling fan dy útspraak. 18 Hy sei: Soa, begripe jimme it ek net? Sjogge jimme net yn, dat al wat fan bûten ôf ta de minske ynkomt, him net ûnsuver meitsje kin, 19 omdat it net yn syn hert komt, mar yn syn liif, en dat it der dan wer útgiet mei de trochgong? Sa ferklearre Er alle iten foar suver. 20 Fierder sei Er: Wat út 'e minske komt, dat makket him ûnsuver. 21 Want út it hert fan 'e minske komme de ferkeardichheden: huorkerij, stelderij, moard, 22 troubrek, gjirrigens, gemienens, ferrifelderij, lossinnigens, oergeunst, kwealaster, grutskens, ûnferstân. 23 Al dy minne dingen komme fan binnen út en meitsje de minske ûnrein.